


# Dorpscanon van Folsgeare

DE GRÊFSTIENNEN FAN'E FOEKEMA'S

---



© Foto Tresoar

## De grêfstiennen fan'e Foekema's

Foaryn'e tsjerke fan Folsgeare steane, yn twa moaie houten kistjes, de grêfstiennen fan **Hoyte Wybes Foekema** (1583-1661) en twa fan syn bern: **Ulbe Hoytes** (1611-1618) en **Wybe Hoytes** (1619-1641).

De stiennen binne yn 2002 werom fûn by it oanlizzen fan'e sintrale ferwaarming yn'e tsjerke troch Harmen Foekema út Wergea, in streekrjochte ôfstammeling fan Hoyte Wybes Foekema.

It is al iuwen lyn dat dizze famylje yn Folsgeare wenne en in wichtige rol spile yn'e mienskip yn en om it doarp.

De âldste feiten oer dizze famylje komme út it register fan oanbring út 1511. Under it haadstik Folsgeare wurdt trije kear in Foekelaz (Foekema) neamd: Jancka, Hoyte en Tjaerd Foekelaz. Wis is it net, mar mooglik binne it bruorren fan elkoar. Ut'e stikken docht bliken dat it giet om in wichtige famylje.

Jancka Foekelaz wennet oan'e Tsjaerddyk 31 en Hoyte (Hoiyta) Foekelaz op'e lokaasje fan'e ein 19e iuw ôfbrânde pleats fan Breeuwsma (no Wallemadyk).

Beide pleatsen binne foar in part eigenerfde pleatsen, dat in oanwizing is dat se hjir al langere tiid wenje.

Tjaerd Foekelaz is meier (hierder) op'e pleats oan'e Folsgeasterleane 2.

# Dorpscanon van Folsgeare

DE GRÊFSTIENNEN FAN'E FOEKEMA'S

---

## De grêfstiennen:

**Hoyte Wybes Foekema** is in neikommeling fan'e earder neamde Jancka Foekelaz dy't om 1500 hinne oan'e Tsjaerddyk buorke.

Hy waard yn 1583 yn Folsgeare berne.

De âlden fan Hoyte wiene Wybe Ulbes en Reynsck Hoytedr. Hja ferhuzen om 1600 hinne nei Foekema State yn Tsjalhuzum. Oan dizze state ûntliene se harren efternamme.

Wybe wie hjir doarpsrjochter, in baan mei status dy't lang yn'e famylje bleau.

As Hoyte fjirtjin jier is, wol syn heit him studearje litte. Hy jout him op as benefisiant (dit betsjut: begeunstiger) fan it Sint Geertruidslie yn Abbegea. Dat koe allinne as je famylje wiene fan'e stichter fan dit lien, de pastoar fan Abbegea. Om't der mear gadingmakers wiene, folgen der prosessen om fêst te stellen wa't it meast neiste famyljelid wie.

Yn dy tiid wie der gjin boargerlike stân, alles moast troch mûnlinge oerlevering fêststeld wurde. Dat joech in soad skeel en misferstannen.

Hoyte Wybes trout op 3 july 1608 mei Hilty Jansdr, in rike boeredochter út Oldeklooster. Nei harren houlik ferhúzje se nei Folsgeare, dêr't hy meier wurdt op Walma state. Hja krije tsien bern, wêrfan't der twa al jong ferstjerre.

Ulbe Hoytes wurdt mar 8 jier. Syn broer Wybe Hoytes fertsjert op 6 juny 1641 op de leeftyd fan 22 jier en seis moanne. Hy wurdt ûnder deselde stien begroeven as syn jongere broer Ulbe.

# Dorpscanon van Folsgeare

DE GRÊFSTIENEN FAN'E FOEKEMA'S

---




Foto Harmen Foekema

*Anno 1618 den negentienden dach des maents augustis is in den here gerust Ulbe Hoite en leit hier begraven*

*Anno 1641 den 6 Junius Is in den heere gerust den eerzame Wybe Hoites olt 22 jaer en 6 manten ende ligt hier begraven*

It net-fersierde famyljewapen fan'e Foekema's begjin 17<sup>e</sup> iuw

Hoyte Wybes hie in soad ynfloed op it deistige libben yn Folsgeare. Yn 1632 wurdt hy troch de grytman (boargemaster) beneamd ta doarpsrjochter yn it doarp. De grytman is ferantwurdlik foar it hanthavenjen fan rêst en oarder yn'e gritenij (gemeente). Om dy reden stelt hy yn elts doarp in doarpsrjochter oan.

In **doarpsrjochter** soarget derfoar dat konflikten ûnderinoar regele wurde en hy sjocht der op ta dat de ferkeap fan lannen en huzen korrekt ôfhannele wurdt. Hy komt op foar de belangen fan it doarp by de gemeente en profinsje.

Dêrnêst hat hy as taak ferbrekkers fan'e frede te arrestearjen en oan it kolleezje fan grytman en bysitters foar te liden en misdriuwen oan'e grytman te melden. Lytse saken mei de doarpsrjochter sels beslochtsje.

De grytmannen ha de taak eksessen te bestraffen, mei útsûndering fan drege saken, dy't hja oan it 'overste gherecht' foar lizze moatte om te berjochtsjen.

De funksje fan doarpsrjochter ferlient de belutsenen in soad status. Om dit oan'e bûtenwrâld sjen te litten, wurdt gauris in eigen famyljewapen keazen dat nei harren dea op'e grêfstien ôfbylde wurdt.

# Dorpscanon van Folsgeare

DE GRÊFSTIENNEN FAN'E FOEKEMA'S

---

Njonken doarpsrjochter is Hoyte Wybes yn 1634 ek dykdeputearre en meirjochter fan Wymbritseradiel.

Yn 1640 wurdt er meier fan'e de pastorijpleats. Hjir heart ek de funksje fan tsjerkfâd by.

Hoyte wennet op lettere leeftyd yn Snits op it Suyrend (Zuidend), flakby de hjoeddeistige wetterpoarte. Ut de mannichte transaksjes dy't er docht, docht bliken dat hy in ryk man west hawwe moat.

Hoyte Wybes Foekema ferstjert yn 1661 en wurdt yn'e herfoarme tsjerke fan Folsgeare begroeven nêst syn beide bern. Dat moat fanwege syn status wêze, want Hoyte wie katolyk. Nei de reformaasje yn 1580 wiene in soad minsken oergongen nei it "nije geloof". Dyjinge dy't de katolike tsjerke trou bleaune, waarden doe útsletten fan maatskiplike- en bestjoersfunksjes. Hoyte Wybes koe fanwege syn status noch tsjerkfâd bliuwe.

De measte fan syn bern dy't katolyk bleaune, kamen net mear yn oanmerking foar dizze funksjes. Dêrtroch misten se in soad ynkomen en stadichoan waard de famylje earm.

*Anno 1661 den 11 juli in den heere Godt zalichlyck ontslapen Hoiyte Wybes Foeckema in leven mede rechter dijk-gedeputeerde van Wymbritseradeel ende ontvanger dorpsrechter in den dorpe Folsgara oud int 77 jaar en leijt alhier begraven.*

It fersierde famyljewapen fan'e Foekema's ein 17<sup>e</sup> iuw.




Foto Harmen Foekema

# Dorpscanon van Folsgeare

DE GRÊFSTIENNEN FAN'E FOEKEMA'S

---

Nei it ferstjerren fan Hoyte Wybes Foekema wennet allinne Jan Hoytes Foekema mei syn húshâlding noch yn it doarp. Syn soannen Yme Jans en Wybe Jans wenje ek op'e pastorijepleats en binne om bar tsjerkfâd. Yme wurdt yn 1707 yn'e tsjerke begroeven.

Wybe Jans is, krekt as syn foarâlden, dykdeputearre en doarpsrjochter. Nei syn ferstjerren yn 1716 lit hy, foar dy tiid, it enoarme bedrach fan 400 karolus gûne nei oan'e tsjerke.

Dêrnei wurdt it stil wat de Foekema's yn Folsgeare oanbelanget.

## **Colofon**

*Tekst:* Harmen Foekema en Atse Bruin

*Bewurking en oersetting:* Wytske Heida

*Foto's:* Harmen Foekema

*Kaartsje:* Tresoar

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*